

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Friso Douwstra (ekonomy) en Matthijs de Vries (Natuer/It Waad)
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De garnalefiskers hawwe it dreech. In wichtige oarsaak dêrfan is dat de ryksoerheid oan de iene kant ferwachtingen wekt, en dy dêrnei net neikomt, wêrtroch de fiskers yn de knipe komme.</p> <p>Ferline jier hat de Minister foar Natuer en Stikstof in gedoogbeskikking ferliend omdat de sektor dwaande wie mei ferduorsuming dy't wat tiid kostet en omdat nije stikstoffberekeningen makke wurde moasten.¹ It gedoogbeslút joech de fiskers njoggen moanne de tiid om harren aktiviteiten te legalisearjen mei in nije natuerfergunning. Dêrby hat it ministearje ek in subsydzjeregeling iepensteld om in katalysator oan te skaffen dy't de útstjit fan de skippen foars ferminderet.²</p> <p>Ut in reportaazje fan Omrop Fryslân³ blykt dat it dreech keallet mei de fergunningferliening troch it ministearje. Nei in eigen ynvestearring fan tonnen yn de ferduorsuming fan de skippen, en mei de falbile fan 1 oktober yn sicht, binne de garnalefiskers benaud foar de takomst.</p> <p>De fiskerij is in wichtige ekonomyske sektor foar de regio en soarget foar in soad bedriuwichheid ek op de fêste wâl en is dêrmei fan grut belang foar de mienskip. De minister hat dêr yn it brief fan juny ek wol each foar de bredere impact yn de fiskerijregio's.</p>
Fraach / fragen	<p>1. Yn it bestjoersakkoart '<i>Oparbeidzje foar Fryslân</i>' stiet dat Fryslân him ynset foar syn fiskers, ek nei it Ryk ta.⁴ De Steaten hawwe dêrneist yn july 2022 in moasje⁵ oannaam dy't Deputearre Steaten opdraacht der alles oan te dwaan om te soargjen dat de hjoeddeistige stikstof-fergunning fan de garnalefiskers yn stân bliuwt oant dat der in korrekte beoardieling mooglik is.</p> <p>Is it kolleezje ree en gean yn oerlis mei de ryksoerheid om dizze situaasje mei de fergunningen dy't de besteanswissigens fan de fiskers en harren mienskip bedriget sa gau mooglik op te lossen?</p> <p>2. De fiskerij en de wurkgelegenheid dêromhinne (bygelyks de fiskôflach, ûnderhâld fan skippen, logistyk) binne fan grut belang foar de mienskip. Yn febrewaris hat de ried fan Noardeast-Fryslân in oprop⁶ dien om mei-inoar op te lûken nei de ryksoerheid ta, om te soargjen dat de kuststreek net in toeristysk reservaat wurdt.</p> <p>Wol it kolleezje dizze oprop folgje en mei û.o. de fiskerij-gemeenten, de provinsje Grinslân en oaren⁷ him sterk meitsje foar de fiskerijsektor yn de Waadregio? Soe der spesifyk belied komme moatte foar dit ekonomyske kluster en de mienskip deromhinne?</p>

Yntsjinner(s)	FNP, Dinie Visser en Tjitte Hemstra
---------------	-------------------------------------

Datum	24 augustus 2023
-------	------------------

¹ Twadde Keamerbrief: '*Schriftelijke antwoorden op vragen gesteld tijdens de eerste termijn van de begrotingsbehandeling Landbouw, Natuur en Voedselkwaliteit op 6 december 2022*', 7 desimber 2022;

² Twadde Keamer: '*Brief van de Minister van Landbouw, Natuur en Voedselkwaliteit*', 13 juny 2023;

³ Omrop Fryslân, '*Garnalefiskers lik om útbliuwen fergunning, wylst dy foar tonnen ynvestearre hawwe*', 22 augustus 2023;

⁴ Provinsje Fryslân, '*Oparbeidzje foar Fryslân: Bestjoersakkoart 2023-2027*', july 2023;

⁵ Provinsjale Steaten fan Fryslân, Moasje frjemd '*Garnalenvissers in de knel*', 13 july 2022;

⁶ Gemeenteried Noardeast Fryslân, Moasje '*Mei-inoar op de barrikaden foar de garnalefiskerij*', 9 febr. 2023;

⁷ Bygelyks fia it *Bestuurlijk Platform Visserij*, dêr't Fryslân yn gearwurket mei fiskerijgemeenten en -provinsjes.